Rijksoverheid

It is belangryk om dy faksinearje te litten tsjin koroana

In faksinaasje beskermet dysels, en úteinlik ek dyn famylje, freonen en oare minsken. Wat mear minsken oft har faksinearje litte, wat lestiger oft it foar it koroanafirus is om him te fersprieden. Dan kin de oerheid de koroanamaatregels stap foar stap ôfbouwe.

Do makkest sels út oftst dy faksinearje litst. In faksinaasje is dus net ferplicht. Lit dy goed ynformearje, sadatst de goede kar meitsje kinst.

Feilichheid

Elk goedkard faksin is earst op tsientûzenen minsken test. Foar de koroanafaksins jilde deselde strange feilichheidseasken as foar alle oare faksins. Fabrikanten rinne deselde stappen troch om in faksin te meitsjen en goedkarring te krijen foar in faksin. It Europees Medicijn Agentschap (EMA) en it College ter Beoordeling van Geneesmiddelen (CBG) beoardielje alle faksins. Sy ûndersykje oft se feilich binne en goed wurkje.

De Gezondheidsraad sjocht ek noch in kear goed oft de faksins oan alle easken foldogge en foar hokker groepen oft se geskikt binne. Do kinst net sels kieze watfoar faksin oftst krije wolst. It RIVM docht noch in check as de faksins ienkear levere binne, sadat wy der wis fan binne dat de faksins feilich binne.

Bywurkingen

Nei elke faksinaasje hast kâns op bywurkingen. Ek by in faksinaasje tsjin koroana. Dat komt omdat it faksin derfoar soarget dat de ôfwar fan dyn lichem begjint te wurkjen. Dy ôfwar soarget foar beskerming tsjin it koroanafirus, mar kin ek oare ferskynsels feroarsaakje.

De neikommende klachten komme faak foar. Dy binne meastal nei ien oant trije dagen ferdwûn:

- pine op it plak fan de prik
- pineholle
- wurgens
- spierpine
- koarts

As de pine of koarts slim is, kinst dêr in pynstiller foar nimme. Nim kontakt op mei dyn húsdokter ast ûnbekende bywurkingen krijst of ast dy soargen makkest.

De kâns datst earnstige bywurkingen krijst nei de faksinaasje tsjin koroana is lyts. Fierwei de measte earnstige bywurkingen ferskine binnen in kertier nei de faksinaasje. Dêrom moatst, neidatst faksinearre bist, 15 minuten sitten bliuwe om te sjen oftst goed reagearrest op it faksin, út foarsoarch.

Utnoadiging

Is de groep dêr'tsto by hearst oan 'e beurt foar in faksinaasje, dan krijst in útnoadiging. Dy krijst per brief. Net elkenien kin tagelyk in faksinaasje krije. It doel is om earst de âlderen en kwetsberen yn de maatskippij te beskermjen. En dêrnei hieltyd jongere minsken út te noadigjen. Wolst witte wannear'tsto oan 'e beurt bist foar de faksinaasje tsjin it koroanafirus? Sjoch dan op www.coronavaccinatie.nl.

Goed om te witten

- De faksinaasje is fergees.
- De faksins fan BioNTech/Pfizer, Moderna en AstraZeneca besteane út twa prikken. Twa wiken nei de twadde prik bist maksimaal beskerme tsjin it koroanafirus.
- Hast yn de ôfrûne seis moanne koroana hân? Dan is ien prik genôch.
- It faksin fan Janssen bestiet út ien prik. Fanôf fjouwer wiken nei de prik bist maksimaal beskerme tsjin it koroanafirus.
- Wachtsje mei it meitsjen fan in ôfspraak of meitsje in nije ôfspraak asto:
  - siik bist of koarts hast op de dei datst de faksinaasje krijst.
  - klachten hast dy't passe by it koroanafirus.
  - de ôfspraak foar dyn faksinaasje mist hast.
- Freegje oan dyn (hús)dokter op hokker momint oft it ferstannich is om de faksinaasje te nimmen asto
  - in minne ôfwar hast, bygelyks troch sykte of troch it brûken fan medisinen.
  - bloedfertinners brûkst. Of ast in sykte hast wêrtroch't dyn bloed minder goed stjurret.
  - earder in earnstige allergyske reaksje hân hast op in yngrediïnt fan in faksin.
  - swanger wurde wolst.
- Bist swanger? Dan kinst de prik tsjin koroana feilich nimme. De prik is net skealik foar dy of it berntsje yn dyn búk.

Hâld dy noch altyd oan de maatregels

Ek neidatst faksinearre bist, moatst dy noch oan de basisregels hâlde, lykas:

- Waskje geregeld dyn hannen
- Hâld 1,5 meter ôfstân
- Lit dy teste ast klachten hast, ek ast de faksinaasje hân hast. De kâns datst koroana krijst is wol hiel lyts, mar do kinst noch hieltyd besmet reitsje.

Hasto fragen dy't spesifyk op dyn (medyske) situaasje fan tapassing binne?
Besprek dy dan mei dyn (hús)dokter.

Hast oare fragen? Sjoch dan

coronavaccinatie.nl

of belje mei 0800 – 1351